

# **Fryske Krite Hoarn**

## **“Troch de Tael Forboun”**

### **Y N H A L D** jannewaris 2016

Foarwurd fan de foarsitter .....	2
Ferlotting en tagongsprizen .....	5
Ledeberjochten .....	6
105 jier Fryske Krite Hoarn 1911 – 2016 .....	9
Útnoeging foar 26 febrewaris 20.00 oere.....	10
Útnoeging foar 23 jannewaris 2016 .....	11
Gedicht: IN DEI .....	13
Útnoeging reiske fan “De Fryslannen” .....	14
OPROP OAN ALLE FRIEZEN OP ‘E WRALD!! ...	15
De wurklist winterskoft 2015-2016 .....	18
Wurklist fan susterkritten .....	18
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”) .....	19
Bestjoer Fryske Krite Hoarn .....	20

*Kvk. Nummer: 5324 1274*

*Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77*

*Lid fan It Frysk Boun om Utens*

[www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)

## Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

1911

100  
Jier

2011

---

### *Foarwurd fan de foarsitter*

Oan ús kriteleden,

**S**amar is der wer de dei foar it ynleverjen fan de kopy foar it kriteboekje. Yn sa'n drokke desimbermoanne is it wol dat ik tink, it kin noch wol.

Mar no is it dochs, Tiny der moat wat op papier. De lêste moanne fan it jier 2015. It is samar foarby sa'n jier.

En no komme earst de Krystdagen noch, teminsten as ik dit stikje sit te skriuwen.

Gesellige dagen, mei waarmte en tiid foar elkoar.

Mar ek mei in protte drokte foar wat we ite sille. Wy dogge it meastentiids kalm oan mei syn twaen.

Twadde krystdei stampot. Mar mei dizze hast simmerske temperatueren, wit ik it noch net sa krekt. De klimaattop is wol nedich. Wat bringe wy in soad smoarge troep de loft yn. It is spitich dat it net winterje sil en ek gjin snie lizze sil. Wy fine dat soks by de Kryst heart.

It jier 2016 leit foar ús en is in jubileumjier foar de krite. Wy besteane op 12 novimber 2016 105 jier.

Minsken, minsken wat in tiid. Doe sochten de Friezen om utens elkoar op. Wienen yn de frjemde

ûnwennich fan famylje en freonen en fan Fryslân. Mar yn Hollân of wer dan ek mar bûten it heitelân wie wurk. En der moast brea op de planke komme. De famylje yn Fryslân seach men mar in inkelde kear en sa waarden de krite minsken suver famylje fan elkoar.

Hjoed de dei is dat hyl oars. Men pakt de auto en giet de Ôfslútdyk oer. En sa net, dan is der noch de spoar kaart.

De wrâld om us hinne is gâns grutter wurden as 105 jier lyn. Folle krite kinne, troch dat de minsken âld wurde, net mear bestean. Jonge minsken komme der net mear by en der is safolle oare drokte.

Wy, as bestjoer, dogge ús bêst om noch wat jierren troch te gean. Mar 105 jier derby, dat grif net. Dochs minsken skriuwe yn jimme bûsboekje 9 april. Dan is der in feestelike jûn. Earst hawwe wy lykwols op 23 jannewaris ús twadde grutte jûn.

Foar ús spilet Pro Rege út Holwert it stik; Dizze frou.....is jo man. De minsken dy't it stik sjoen hawwe wienen der wakker oer te sprekken. Dochs kom nei de Huesmolen yn Hoarn.

Dan is 26 febrewaris ús lytse jûn. Wy hawwe útnoege prof. Dr. Piet Visser. Hy sil ús fertelle oer de Amish yn Amearika en Kanada. Piet Visser wie heechlearaar oan de V.U. yn Amsterdam. Hy is ek in Fries om utens en is berne op de Veenhoop. Regelmatic komt Visser by de Amish mienskip en kin der smout oer fertelle. Hy fertelt oer it froeger begongen is yn Europa en werom dizze minsken flechte binnen nei Amearika en Kanada. Hoe 't se hieltiid wer in oare omjouwing sykje moasten, as de moderne wrâld te tichtby kaam

Al ride se noch mei hynder en wein, it is net mear oeral like string. De nije techniken binne ek der net mear hielendal foarby gien. Mar de âlde grûnfesten binne der noch. It is tige de muoite wurdich dizze lêzing by te wenjen.

Dit wier samar in hyl ferhaal wat út de pinne " kam'. Dizze lêste dagen fan it jier geane ús tinzen wolris werom nei it ôfrûne jier. Net foar elts is it like makkelijk west. Der binne sibben en freonen weifallen. Men hat te krijen mei swierrichheden. Mar der binne ek altyd wer ljochtpunten, dy t it libben glâns jouwe. Ljochtpunten dy t it ljocht fan de Krystdagen meinimme it nije jier yn.

Mei hertlike groetnis en oant sjen, Tiny Dijkstra de Vries



---

## *Ferlotting en tagongsprizen*

---

### **Lidmaatskip en tagongsprizen:**

It lidmaatskip foar ien persoan is 10 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 2,50 euro en foar **net leden 7,50 euro** mar de lytse jûn is fergees.

Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

### **De sealpriis op de grutte jûnen:**

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

### **De ferlotting yn it skoft:**

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden.

De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden.

Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik.

Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

## **Presintsje**

### **Oprop oan de leden: presintsje foar de priistafel**

Aardich is dat leden ek in presintsje meinimme foar de priistafel. Dan stypje jo ek de krite.

---

## *Ledeberjochten*

---

Op 11 desimber 2015 ferstoar de hear  
**Pieter Oegema** op de leeftyd fan 90 jier.

Op de roubrief stie de folgende tekst:

*In het huis van mijn Vader  
zijn vele woningen (Joh. 14:2)*

Pieter Oegema is berne op 7 maart 1925 te Eestrum. Wy sille Oegema ûnthâlde as in waarme persoan mei in protte belangstelling foar it kritelibben. Belutsen by it wel en wee fan de krite en yn it ferline altyd oanwêzich op ús krite jûnen. Oegema hat jierren aktyf west as kontaktpersoan foar de regio Andyk.

Wy winskje de neibesteanden fan Pieter Oegema in protte sterkte ta om mei it ferlies om te gean.

-----

**Autoferfier:** Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (till. 234012).

### **Lief en Leed**

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:  
Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat 80, 1718XK  
Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

---

## *Eftergrûn skriuwer fan it toanielstik de hear Jan Tol*

---

*Troch Marinus Leenstra*

It komt net faak foar dat de oarspronklike skriuwer fan in toanielstik sa tichte by wennet, yn Den Helder. Ik kom de hear Jan Tol tsjin as wy it toanielstik 'Dizze frou .... jo man' yn Den Helder besykje. De klucht wurd opfiert troch de toanielferiening Pro Rege fan Holwert dy't no ek nei Hoarn komt.

It toanielstik is skreaun troch Jan Tol en letter oersetten troch Baukje Stavinga. De auteur Jan Tol is berne op 9 april 1944 yn Wales. It grutste part van syn libben hat hy wurke by de technyske tsjinst fan de Marine yn Den Helder. Al op syn sechtjinde jier hat hy al toanielspylje by ferskate toanielferienings yn Den Helder. Nei ferrin fan tiid is hy gongen regisseur en is no noch bûn oan twa toanielselskippen. Sûnt syn seisenfjirtichste is hysels toanielstikken gongen skriuwen en hat ûndertusken tritich stikken op syn namme stean. Derneist hat der ek noch in stik mannich stikken oerset út it Ingelsk nei it Nederlânsk. Ferskate stikken binne oerset nei it Frysk, Grinzers, Drinst en nei it Dútsk. Ek wurde stikken fan him spile yn Vlaanderen. Ek syn frou hat mei skreaun oan stikken. De spesjalismen binne blijspullen en kluchten. In topper wie 'maar wie is dan de vader', it stik is al mear dan 200 kear op de planke opfiert. Oan it ein fan e' jun yn Den Helder kriget de hear Jan Tol it wurd. Hy tanket en jout in grutte plúm oan Pro Rege foar harren foartreflike opfiering fan de

klucht. Hy fertelt dat dizze klucht noch nea sa goed op de planke setten is as troch de toanielploech fan Holwert.

De spilers fan Pro Rege wine tige ynnomd mei dit komplimint.

Wolle jo dizze klucht meimeitsje, kom dan nei de Huesmolen op sneon 23 jannewaris.

---





---

## 105 jier Fryske Krite Hoarn 1911 – 2016

---

**S**a as jimme witte bestiet ús krite op 12 novimber 2016 105 jier.

Dit fiere wy op 9 april yn de Huesmolen yn Hoarn. Middeis is der de Algemeine Jiergearkomste fan it Frysk Boun om Utens. Oan it ein fan de middei is der in breamiel.

Jûns komt

# Kabaret Noordenbos & KO

mei in hyl nij programma.

Jimme as ús eigen krite minsken kinne dit ek de hiele dei mei meitsje. Yn it krantsje fan maart komt der mear nijs oer.

Dôchs skriuw no al yn jimme nije bûsboekje de datum 9 april 2016.

It bestjoer



---

## *Útnoeging foar 26 febrewaris 20.00 oere*

---

Graach wol it bestjoer de leden útnoegje foar in besûndere lêzing troch em. prof. dr. Piet Visser (berne 1949 te De Veenhoop en Jistrum).

De lêzing giet oer it libben en de skiednis fan de Amish. De hear Visser is spesjalist op it gebiet fan de libbensomstannichheden fan de Amish.

Dizze fan de bûtenwrâld ôfsûndere geloofsmienskip yn de staat Pennsylvania yn Noard-Amearika, binne by in protte minsken bekend. De in protte eagen 'frjemde' mienskip fan swarte pakke-mannen mei lange burden, froulju en bern in sobere jurken en mei kapkes op harren holle.

Sy geane noch te foet of mei hynder en koetske.

Dizze 'horse & buggy people' bewarje noch harren 18e ieuske geloof prinsipes en tradysjes.

De hear Piet Visser besiket dizze Amish minsken en hat tal fan publikaasjes op syn namme stean.



bms1121 www.fotosearch.com

---

## *Útnoeging foar 23 jannewaris 2016*

---

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 23 jannewaris 2016 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar it toanielstik:

**'DIZZE FROU ..... IS JO MAN'**  
spile troch  
**Toaniel feriening Pro Rege  
Holwert**

Annie Zuiderhorn, hat jierrenlang allinne wenne mei har dochter, Amanda. Mar no is sy fereale op Pierre Reijnders. Pierre wennet sûnt koart by har yn. Dochter Amanda moat neat fan Pierre ha en de sosjale tsjinst mei neat fan Pierre witte, oars komme de útkearings fan Annie en Amanda yn gefaar.

Mar ja...dan komt de kontroleur fan de sosjale tsjinst op besite. Hy mei neat fan Pierre witte. Annie wit net hoe at sy hjir mei oan moat. Mar Amanda makket tankber misbrûk fan de omstannichheden. As de buorlju harren der ek noch mei bemuoie soarget dit foar komyske sitewaasjes.....

# Gearstalling Pro Rege fan Holwert:

De spilers binne:

Annie Zuiderhorn  
Amanda, har dochter  
Pierre Reijnders,  
    freon fan Annie

Henriëtte Reijnders

Miep Zoetelief

Arie Zoetelief,  
    soan fan Miep

Jaap Brekeveld, kontroleur

Gonda Brekeveld, syn frou

Johanna van der Meij

Lelie de Blécourt

Dikkie van der Wal

Anneke Reitsma

Nely Bron

Nico Bierma

Willem Verbeek

Hillie Politiek

Rezy: Lucas de Blécourt

Grime: Agnes Waterval

Ljocht, lud en bouploech:

Anne Bron

Johannes Verbeek

Jan Paul Bandsma

Valentijn Vellinga



---

## **Gedicht: IN DEI**

---

*Samar in dei, om nei te tinken  
Oer wat foarby is en wat komme kin.  
Graach fêst hâlde wolle  
Wat wearde hie,  
Graach ferjitte wat tsjinstie.*

*Sa";n dei, kin rêst bringe  
Of selsferwyt.  
Ek fraachtekens oer wat barre sil,  
Ynkoarten of letter of noch letter*

*Elke dei, bringt it ferline  
Werom en tilt ús  
Oer it hjoed, nei de takomst.  
Yn begearte nei folsleinens  
Nei in bytsje lok*

*Dizze dei, kin in begjin wêze  
Fan in djipper belibjen,  
Kin útsicht jaan of ynsicht biede  
En ús sjen litte de wei nei in  
Sinfol bestean.*

*Skriuwer Jan de Boer*

---

## *Útnoeging reiske fan “De Fryslannen”*

---

De reisferiening “De Fryslannen” hat in útnoeging stjoert oan alle kriteren. Dizze útnoeging is foar Friezen en Friezen om utens. De reis fan 2016 is fan sneon 21 oant en mei freed 27 maaie.

De reis giet nei Noard – Dútslân en Denemarken. Der kinne 40 minsken mei en fol is fol. De rest komt op de reservelist. Der wurdt opstapt by garaazje Paulusma Drachten, hotel van der Valk Drachten en by it stasjon yn Grins.

Reisprogramma:

- 21 maaie: Oldersum, touslaggerij
- 22 maaie: Suderlugum, tsjerketsjinst, Neukirchen
- 23 maaie: Nordorg Denemarken, Danfosmuseum
- 24 maaie: Nordstrand, jûns feestjûn
- 25 maaie: Rendsburg, Joadsk museum
- 26 maaie: Padborg, museum Oldemorstof, jûns oargelmuzyk
- 27 maaie: werom nei hús

De kosten foar dizze reis binne 510 euro de persoan.

Wolle jo dielnimme of mear ynformaasje nim dan efkes kontakt op mei skriuwer Jan Vogel of skilje frou Hoekstra-Talstra 0511-461432

**OAN ALLE FRIEZEN OP 'E WRALD!!**

De Doelstellingen fan it Frysk Boun om Utens binne:

1. In bân lizze tusken (sa folle mooglik) Friezen bûten Fryslân en by harren it Fryske folkskarakter yn al syn utering en, benammen yn de taal te bewarjen en te befoar-derjen;
2. By oaren as Friezen niget oan en begryp te bringen foar Fryslân, de Fryske taal, kul- tuer en skiednis.

Nei it Kaderwykein oktober ferline jier is fan út de evaluaasje troch it Bounbestjoer aksje ûndernommen om net allinnich mar nei te tinken mar ek mei in plan te kommen:

## ***Plan 23***

Dizze namme is keazen om hjirmei oan te jaan, dat It Boun yn 2023 wol 100 jier bestiet! Mar mei it tebekrinnen fan it tal kriteren en dêrmei it weifallen fan in tredde part oan kriteleden yn de ôfrûne 5 jier wurdt it heljen fan 2023 ynienen in **benaud foarútsjoch**. Dêr wol it bestjoer dan ek alles oan dwaan om dy trend te kearen. Wy binne ús goed bewust, dat wy dêrmei fansels as idealisten miskien wol te heech gripe; wy binne realistysk genôch om te begripen, dat wy Friezen om Utens, dy't no noch de skouders der ûnder sette wolle, hieltyd âlder wurde en dêrmei wurdt de basis hieltyd smeller...

## **Mar neat dwaan, betsjut dat wy mooglik it 'ljocht' kinne útdwaan tsjin de tiid, dat wy eins in feestje bouwe wolle...**

Wy dogge in oprop oan alle kriteren, om har leden te freegjen de digitale adresgegevens (e-mail) fan harsels, mar likegoed ek dy fan kunde, famylje, freonen mei Fryske woar- tels, sawol yn eigen lân as yn 't bûtenlân, te sammeljen. Al dy mail-adressen (lid of net- lid) wurde trochspile nei de skriuwer fan It Boun. Dy soarget foar de nijsfoarsjenning nei al dy Friezen om utens oer it silen en farren fan de kriteren en it Boun, mar ek oar nijsgjirrich Frysk sinnich nijs; soks stiet dan ek allegearre op ús webside.

As 'slachrjemme op 'e taart' wolle wy jierliks ien as twa kear in moetingssmiddei mei útrin nei de betide jûn op in sintraal plak yn't lân organisearje – elke kear op in oar plak; mooglik wê't earder in krite bestien hat – dat mei stipe fan frysksinnige bedriuwen út dy omkriten (mooglik ek yn gearwurking mei in krite út dy omkriten...). Wy sykje nei in mooglikheid om it kader/bestjoer fan de kriteren te stypjen troch foar- ming

Om jimme e-mailadres op te jaan, kinne jimme dit op in ynfolformulier skriuwe mei jo namme, emailadres, wenplak en leeftyd. Klik hjirûnder op 'OANMELDE BY IT BOUN'.

**[OANMELDE BY IT BOUN](#)**



Yn 1939 waard it **Frysk Boerekwartetspul** útjûn troch de Blauwe Seilbokse. Hjir in foarbielid wat der yn te finen is.

Wat is de oersetting fan it Nederlânske wurd 'schauwen' yn it Frysk?

### Heakkelje



---

## ***De wurklist winterskoft 2015-2016***

---

23 jannewaris 2016	2e grutte jûn: toanielstik 'dizze frou .... is jo man' spile troch Pro Rege fan Holwert
26 febrewaris 2016	lytse jûn: lêzing troch <i>em. prof. dr. Piet Visser</i>
9 april 2016	3e grutte jûn: kabaret mei Noordenbos & Ko  middeis Algemeine Gearkomste Frysk Boun om Utens

---

## ***Wurklist fan susterkrite***

---

- Krite Haarlim "Gysbert Japicx"

Lokaasje: Stedelijk Gymnasium, Jacobijnestraat 2,  
2011 TH Haarlim.

- 16 jannewaris 2016
- 19 maart 2016

- Krite Den Helder "Gysbert Japicks"

Fan de Krite Den Helder hawwe wy gjin wurklist.  
(tillefoan 0223 769059 Frou Y. de Vreeze)

---

## *Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)*

---



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.  
En bûnzje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.  
It Fryske lân fol eare en rom.  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,  
Wêz jimmer op dy âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,  
In grien, in krêftich bloeijend leat!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

---

## ***Bestjoer Fryske Krite Hoarn***

---

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries  
Schoener 3,  
1771 EA Wieringerwerf  
Till.: 0227 501050  
e-mail: [ak.dijkstra@quicknet.nl](mailto:ak.dijkstra@quicknet.nl)

Ponghâlder<sup>1</sup> en  
lede-administraasje: Popke Slange  
V. Dedemstraat 4, 1624 NN Hoorn  
Till.: 0229 234881  
e-mail: [pslange@icloud.com](mailto:pslange@icloud.com)

Skriuwer: Jan Vogel  
Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker  
Till.: 0229 234012  
e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)

Oare bestjoersleden:

Jetske Leenstra-de Groot Dorpsstraat 293 1689 GE Zwaag Till.: 0229 263735 e-mail: <a href="mailto:jetskeleenstra@me.com">jetskeleenstra@me.com</a>	Renske Nauta-Haagsma Dr. CJK van Aalstweg 19 1625 NV Hoorn Till.: 0229 237267 e-mail: <a href="mailto:nautahaagsma@hetnet.nl">nautahaagsma@hetnet.nl</a>
Douwe Hoekstra Tinnegieter 1 1625 AN Hoorn Till.: 0229 211749 e-mail: <a href="mailto:ddhoekstra@quicknet.nl">ddhoekstra@quicknet.nl</a>	

Eareleden: Frou Janny Bloem-Wouda  
De hear Popke Slange  
De hear Eppie Kloezen

---

Lief en leed: Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat  
80, 1718XK Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

---

<sup>1</sup> Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn